

Einferslach ynformaasjeproses De Fryske Marren 2022



Tytsy Willemsma
Boarnwert, 12 april 2022

‘Ik bin gjin besitter fan wierheid en wol it ek net wêze’

Ut Fallend Ljocht/Ik bin gjin [3]fan Eppie Dam

Oan de foarsitter en leden fan de ried,

Hjirmei bied ik jo it einferslach oan fan it ynformaasjeproses. Mei niget en hollebrekkend bin ik ta dit advys kaam. Ik tankje alle delegaasjes fan alle fraksjes foar de iepenhertichheid dy't op tafel lein is en it betrouwen dat yn my steld is, om myn wurk goed dwaan te kinnen. Wat yn dit advys opskreaun is, is úteinlik de delslach fan it harkjen en byinoar lizzen fan dy puzelstikjes yn relaasje ta de opdracht. Ik ha dat nei ear en gewisse dien, mar it is gjin absolute wittenskip. Dat dêrom boppesteande tekst fan Eppie Dam.

In spesjaal tankwurd giet út nei de riedsgriffier Heleen van Dijk. Sûnder har hie ik dizze opdracht net útfiere kinnen. Har soarchfâldigens en sekuer wurkjen, hat tige holpen by it goed hifkjen fan alles wat sein is om ta dit advys te kommen.

Polityk is minskewurk. It wurk fan in ried en gemeentebestjoer is it wurk mei en foar minsken. De ferantwurdlikheid weaget hjoed de dei mooglik noch swierder as eartiids. Dêrmei bedoel ik, dat yn in tiid fan in amper betrouwen yn de polityk en de oerheid, dit wurk noch mear fan jimme as folksfertsjintwurdigers freget. Yn hokker rol dan ek. Al hielendal as je dêrby optelle dat hast 40% fan de ynwenners dy't stimme mei, net nei it stimhokje giet. Blykber skrikt it ek ôf, as je sjogge hoefolle minsken dochs net har riedssit opnimme nei't se keazen binne.

In reade tried dy't ik yn de petearen ophelle ha, is dat der yn De Fryske Marren ferlet is fan in oare wize fan wurkjen yn de ried, tusken ried en kolleezje, mar ek yn omgean mei de ynwenners. Dat slút fansels oan by in tendins dy't breed yn ús mienskip te fielen is. En elts wrakselet mei de fraach: hoe dan?

Mei in start fan in nije riedsperioade leit der in kâns om dêr op 'e nij ynfolling oan te jaan. Ik winskje jimme allegearre wiisheid en kreativiteit ta om it riedswurk mei fleur en faasje yn te foljen. Mar benammen winskje ik jimme ta, dat jimme it mei-inoar dogge. Dat jimme mei-inoar – de ried ûnderling en ried en kolleezje – oan itselde ein fan it tou lûke. En dat de ynwenners fan De Fryske Marren dy ynspanningen merkbite meie.

Tytsy Willemsma
Ynformateur

Ynhâldsopjefte

Foaropwurd	2
Ynhâldsopjefte	3
Ynlieding	4
Opdracht	4
Proses	5
Utgongspunten foar it advys	6
Wat kaam der út de petearen?	7
<i>Gearfetsjend:</i>	7
<i>Rol:</i>	7
<i>Foarkarskoalysje:</i>	8
<i>Utdagings foar kommende bestjoersperioade:</i>	9
<i>Kolleezje:</i>	9
<i>Opbringst nei petearen:</i>	10
Advys	11
<i>Ynfolling kolleezje:</i>	11
<i>Oanbefellings foar de formaasje:</i>	11
Taheakke	13

Ynliding

Op 16 maart 2022 ha de riedsferkiezings fan de gemeenten west. Sa ek yn De Fryske Marren. De measte stimmen waarden útbrocht op de FNP en dêrmei waard de partij de grutste yn de gemeenteried.

Op 17 maart bin ik troch de FNP frege as ynformateur. Dat is op freed 18 maart yn oerlis mei alle partijen oankundige en yn dat oerlis is ek bepraat wat myn opdracht wurde soe.

Opdracht

In opdrachtformulearring as sa danich lei der net. Mar yn it ferslach¹ fan dy ferkennende gearkomste oer it ynformaasje-proses is in opdracht te distillearen.

Ik ha de opdracht sa oannaam:

Lit alles iepen. Sjoch net allinne nei it tal riedssitten of wa't wûn of ferlern hat, mar hifkje hokker koälysje fan hokker gearstalling dan ek, op breed draachflak yn de ried rekkenje kin, ûnderling it goede gefoel by inoar hat en dy't mei-inoar in 'stoarmke' trochstean kin en inoar wat gunt.

Mei dit einferslach ha ik besocht oan dy opdracht fan de ynformaasjefaze te foldwaan en advys te jaan hokker partijen mei-inoar de formaasjefaze yngean kinne. Yn dit advys jou ik ek in tal oandachtspunten foar dy faze mei, dy't yn de petearen mei alle delegaasjes oanjûn binne.

¹ Koart ferslach fan 1e gearkomste (taheakke)

Proses

Nei it oannimmen fan de opdracht ha ik mei alle (delegaasjes fan) fraksjes praat, foar safier't it mooglik is yn de folchoarder fan lyts nei grut en dêrby de opdracht sintraal steld by de petearen. Foarôfgeand oan de petearen ha de delegaasjes in fragelist² fan my krigen mei it fersyk dy ynfolle mei werom te nimmen. Dy fragelist wie de reade tried yn de petearen.

De petearen wiene iepenhertich en alle aspekten binne goed oan de oarder kaam. Wat op tafel kaam joech in dúdlik byld en rjochting yn relaasje ta de opdracht. Dat mei alle fraksjes in twadde petear of yn ferskate gearstallingen wie net nedich.

Fan dizze petearen binne ferslaggen makke (separate bylage by dit rapport) en weromlein by de delegaasjes. Guon partijen ha dizze werjefte fan de petearen neisjoen en digitaal goedkard. Mei oare partijen binne de werjefte fanwegen it tiidsbestek op 7 april fysyk trochnaam en yn it oerlis – mei of sûnder wizigingen - fêststeld. Yn de definitive ferzjes - dy't oan dit advys taheakke binne – is nei te gean hoe't mei foarstelde wizigingen nei ôfrin fan it petear op 7 april omgien is.

Nei de earste omgong fan de petearen is der noch in twadde petear mei de VVD-fraksje west om in tal saken te ferdúdlikjen dy't by oare partijen eksplisiter oan de oarder kaam wiene. Dit is ûnderdiel fan de werjefte fan it petear mei de VVD en is dêryn werom te finen. Alle partijen binne fan dizze stap foarôf op 'e hichte brocht.

Op 6 april ha ik belle mei boargemaster Veenstra om de rjochting dy't ik foar my seach ta te ljochtsjen.

Op 7 april binne alle delegaasjes op 'e nij fysyk útnûge om de 'tuskenstap' yn it ynformaasjeproses transparant te dielen. Yn dat petear is oan de oarder west dat fjouwer partijen útnûge wurde foar in neier petear op basis fan de analyze fan de wiidweidige en iepenhertige petearen.

It einferslach is nei ôfrin fan dat petear opmakke en is op 19 april oanbean oan de foarsitter fan de ried.

² Fragelist opsteld troch ynformateur

Utgongspunten foar it advys

By myn advys ha ik de folgjende saken yn oerwaging naam.

Kin de koälysje:

- Rekkenje op breed draachflak yn de ried?
- Ha de partijen it goede gefoel byinoar en kin it in 'stoarmke' ha?
- Docht it rjocht oan de ferkiezingsútslach?
- Lizze de beëage partners programmatysk byinoar of is dat byinoar te bringen?
- Is der in lykweardige ferdieling fan wethâlders mooglik en hoe sjocht dat derút?

Dêrby is it nei myn oertsjûging wichtich dat der in team fan spilers stiet. Yn de koälysje en yn it kolleezje en dat boppedat de koälysje de hiele ried belûkt.

Wat kaam der út de petearen?

Foarôfgeand: de petearen wiene iepenhertich en konstruktif. Alle delegaasjes ha harren goed útsprekke kinnen en fiele har ferantwurdlik foar de opjeften dêr't de gemeente De Fryske Marren foar stiet.

De reade tried yn de petearen wie basearre op de foarôf tastjoerde fragelist. Hjirby wiene de ûnderdielen ûnder oare:

- Ynterpretaasje fan de ferkiezingsútslach
- Hokker rol sjogge jo foar jo partij yn de kommende perioade?
- Earste foarkar foar in koalysje
- Wat binne de wichtichste útdagings neffens jo partij foar de kommende perioade
- Mooglike brekpunten
- Riedsaginda of riedsakkoart?
- Proses, grutte fan it kolleezje, wethâlderskandidaten ensfh.

Gearfetsjend

De opkomst by de ferkiezings ³ fan 57,7% leit hast op itselde nivo as fjouwer jier lyn. De measte fraksjes jouwe in positive draai oan de ferkiezingsútslach en ferwurdzje op eigen wize dat de koalysje de mearderheid kwyt is en dat dêrmei de beakens ferset wurde moatte.

It ferlies is minder slim as freze (CDA) en binne nijkommers (KFM, FvD) út de skroeven mei it behelle resultaat. Guon fine it tige spitich dat der in sit by weifallen is, mar ha in goede ferklearring fûn (PvdA, NCPN) en oaren hiene mear sitten winst ferwachte, mar binne dochs bliid mei de winst (BPDFM). Wer oaren ha frede mei de útkomst (CU) of binne bliid mei it behâld fan it tal sitten (VVD). Guon binne teloarsteld en hiene op mear rekkene (D66).

Kleurrijk Fryske Marren is de grutste winner fan dizze ferkiezings troch mei trije sitten nij yn de ried te kommen. Oare partijen ha dêr grut respekt en wurdearring foar.

FNP hat stimmen wûn, mar is yn tal sitten gelyk bleaun. En dêrmei de grutste partij yn De Fryske Marren. De oare fraksjes ha oanjûn it dêrmei ek logysk te finen dat de FNP yn in nije koalysje fertsjintwurdige is.

Rol

De measte partijen jouwe oan wol koalysje-ferantwurdlikheid drage te wollen. Ien rekkenet dêr, sjoen de útslach op. Twa sizze eksplisyt dat dat foar harren dy rol net oan de oarder is, ien sjocht dy rol allinne as mooglikheid yn in bepaalde gearstalling. Der is iepening by in tal

³ Taheakke ferkiezingsútslach

fan fraksjes om ‘meitink’-partij wêze te wollen, mar dat hinget al ôf fan de gearstalling en hoefolle romte der echt bean wurdt om mei te tinken en ynbring te hawwen.

Foarkarkoälysje

Oan alle delegaasjes fan de fraksjes is harren foarkarkoälysje frege, binnen de kontekst fan de ferkiezings en yn it ljocht fan de opdracht dy’t de ynformateur meijûn is. De partijen ha by it neitinken oer in nije gearstalling it folgjende nei foaren brocht:

- Alle fraksjes fine dat de FNP yn in koälysje dielnimme moat.
- Meardere partijen jouwe oan dat it tal sitten yn in ried net liedend is as it om in stabile koälysje giet, it giet ek om draachflak yn de ried.
- Betrouwen, betrouberheid en persoanlike ferhâldings wurde as suksesfaktoaren neamdt om in ‘stoarmke’ te trochsteane.
- In grut tal fraksjes sjocht graach in koälysje dy’t net de klassike *opposysje – koälysje* fersterket
- De measte partijen jouwe oan dat it ferstannich is om net alles ticht te timmerjen, mar romte te litten foar alle fraksjes yn de ried. Dêrmei is der in romme mearderheid foar in koälysje-akkoart op haadlinen. Ien delegaasje jout oan dat hiel dúdlik wêze moat wat fêstlein wurde moat en wat iepen litten wurde kin.
- Hast alle partijen jouwe yn harren ûnderbouwing foar in foarkarkoälysje oan dat dat basearre is op in analyse op ynhâld (programmatysk en op ambysjes) en op it goed mei-inoar oparbeidzje kinne/ inoar goed lizze.
- In tal fraksjes soe graach sjen dat de saken dêr’t je it oer iens binne yn de ried ûnderbrocht wurde yn in riedsakkoart.
- De mearderheid wol yn elts gefal in riedsagenda.
- ‘Meitink-partijen’ wolle echt útnûge wurde en wolle ek wat fan de ynbring yn it koälysje-akkoart werom sjen.
- Der is ien partij dy’t oanjout dúdlik foar de klassike ‘opposysjerol’ te kiezen as hja net yn in koälysje komme.
- Âld sear is net (mear) oan de oarder, al wurdt hjir en dêr al oantrune op in petear. Ofhinklik fan de gearstalling fan de beëage koälysje.

Partijen ha ferskate mooglikheden neamd as it oer koälysjes giet. Tagelyk binne se ferge op in foarkar. Partijen dy’t harsels yn in koälysje neamd ha, binne net meiteld. Om in foarbyld te jaan hoe’t der mei omgien is: de CU hat in dúdlike foarkar foar FNP en CDA en neamt dan twa mooglikheden. Ien oer links en ien oer rjochts. En jout oan dat oer links de foarkar hat. Dat komt dan út op FNP, CDA, PvdA en GL, om’t 18 better is as 16. De CU neamt harsels yn dy konstellaasje ek as kolleezjepartij, mar dat telt dan net yn it totaal mei, om’t se harsels neame en net troch in oar neamd binne. De fokus leit dus op wat partijen primêr wolle yn stee fan twadde foarkar of gjin dúdlike foarkar.

Hoe faak wurde partijen **troch oaren** neamd yn in foarkarkoälysje:

FNP	10
CDA	3
VVD	5
KFM	2
PvdA	7
GrienLinks	3
BPDFM	1

Oare partijen wurde net troch oaren neamd. By FvD is fjouwer kear in blokkade oanjûn as koälysjepartij en twa kear is oanjûn dat partijen dat ‘minder logysk’ fine soene.

Utdagings foar kommende bestjoersperioade

Oan alle partijen is frege hokker spearpunten sy sjogge foar de kommende bestjoersperioade. As wichtichste útdagings wurde neamd:

- wenjen (ynkl. sosjale hier)
- romtlike fraachstikken – yn relaasje ta behâld iepen lânskip (Omjouwingsfyzje)
- omtinken foar de minsken en minsklike maat (earmoede, soarch, minima, hegere lesten, skulden, sûnens, ensfh.)
- duorsumheid / enerzjytransysje
- feangreide
- natuer
- jongerein
- brûsplak
- Frysk
- kommunikaasje mei ynwenners

In tal fraksjes ha oanjûn sânwinning as brekpunt te sjen.

Kolleezje

Alle fraksjes op ien nei jouwe oan dat de fouwer fte dy’t no foar de wethâlderstaken ornearre binne, net hillich binne. Hast allegearre fine dat fiif foltiidsk wethâlders logysk is, mits dat goed ûnderboud wurdt. Ek wethâlders fan bûten binne ûnder betingst besprekber. Kwaliteit stiet dêrby foarop. Fierders hat ien partij oanjûn graach fakynhâldlike saakkundichheid op de portefúljes as pree te sjen.

Opbringst nei petearen

- It leit net foar de hân de hjoeddeistige koälysje troch te setten
- Der is ferlet fan in 'oare wyn' yn ried, kolleezje en omgean mei de mienskip
- Der moat in breed draachflak yn de ried wêze. Dat giet net (allinne) om riedssitten, mar benammen oer dielde útgongspunten op gearwurkjen en omgean mei elkoar, iepen stean foar de ynbring fan oaren en fansels op ynhâld.
- Wêr't guon partijen tinke op ynhâld inoar te reitsjen, wurdt dat oarsom net sa belibbe

Advys

Lit alles iepen. Sjoch net allinne nei it tal riedssitten of wa't wûn of ferlern hat, mar hifkje hokker koälysje fan hokker gearstalling dan ek, op breed draachflak yn de ried rekkenje kin, ûnderling it goede gefoel by-inoar hat en dy't mei-inoar in 'stoarmke' trochstean kin en inoar wat gunt.

Alles oerwagend en oertinkend mei boppesteande opdracht yn gedachten, kom ik ta de folgjende kombinaasje fan **FPN, PvdA, VVD en GrienLinks** dy't nei myn tinken it bêst oan stelde easken foldocht.

Dizze kombinaasje hat in goed gefoel by-inoar en kin op breed draachflak yn de ried rekkenje. Wêrby't draachflak net allinne definiearre is as tal sitten, mar ek hoe't partijen foar inoar oer steane en hoe't oare fraksjes yn de ried nei dizze partijen sjogge. Nei myn oertsjûging kin dizze kombinaasje de frege 'nije wyn of kultueromslach' yn gearwurking mei alle partijen binnen de ried bringe en fanút fleur en faasje wei de opjeftes oanpakke.

De ynhâld moat noch fierder útiten wurde, mar de enerzjy om der mei-inoar wat fan te meitsjen en in oanset ta fernijing te bringen, dy is sûnder mis oanwêzich.

Ynfolling kolleezje:

Yn myn optyk is it needsaaklik yn in gemeente mei in grutte as De Fryske Marren om fiif wethâlders oerein te hâlden. No binne der ek fiif minsken, mar sy ha gjin foltiidsk oanstelling. Dat is net yn line mei de ferantwurdlikheid en de opjeften dêr't in kolleezje foar stiet. Myn advys is om dit nei fiif foltiidsk wethâlders om te setten. Yn de ferdieling: FPN 2, PvdA 1, VVD 1 en GrienLinks 1.

Oanbefellings foar de formaasje

Ik advisearje de neamde partijen nei dizze faze earst te starten mei in earste ferkenning op it sinjatuer fan de koälysje sa't de PvdA dat moai omskreaun hat. Om dan nei de fierdere ferkenning op ynhâld oer te gean.

Dêrby advisearje ik om te kommen ta in koälysje-akkoart op haadlinen en dêrby it draachflak yn de ried syn gerak te jaan, mar ek de kennis en kunde fan bûten de ried en organisaasje te belûken. Tal fan organisaasjes ha troch in brief in oprop dien om meitinke te meien foardat der in koälysje-akkoart leit. Brûk dy tinkkrêft. Tagelyk wês helder yn de ôfspraken, sadat der gjin misferstân ûntstean kin oer de mienskiplike opjeften en hoe't dy oanpakt wurde sille. Ferjit dêrby foaral it oanbod fan de 'meitink'-partijen net.

Dêr heart ek by dat de ried – earder as no – yn posysje brocht wurde kin, om oer nije ûntjouwingen te kedizen. Dat betsjut in oare wize fan wurkjen foar kolleezje, organisaasje, mar ek fan de ried.

Lit yn dizze gearstalling de sânwinning of it ferfolch op de sânwinning in frije kwestje.

Dan noch in persoanlike noat. Gjin inkele fraksje hat de diskusjes oer de gemeentefinânsjes neamd. As beëage koälysje advisearje ik jimme om dêr goed kennis fan te nimmen, foardat der in ambisjeus koälysje-akkoart leit dat net útfierd wurde kin.

Meitsje wurk fan in riedsaginda, mar sjoch ek ris as der draachflak te finen is foar in proses dat de gruttere tinklinen fan de fjouwer jier fan in regearperioade oerstiigje. Guon fraachstikken ha ferlet fan in langere rintiid. Dat De Fryske Marren it foarbyld fan Fryslân wurde mei!

Taheakke

Bylage 1	Koart ferslach fan de 1e gearkomste yn it Skippershûs Terherne mei de listlûkers
Bylage 2	Besprekpunten ynformateur mei yndividuele fraksjes
Bylage 3	Ferkiezingsútslach
Bylage 4	Opsomming brieven fan organisaasjes dy't in oprop dien ha om meitinke te meien

Bylage 1

Koart ferslach fan de 1e byienkomst yn it Skippershûs Terherne mei de listlûkers, 18 maart.

Gerda de Vries nimt it wurd en jowt de felisitaasjes foar de nije riedsleden en de sittende riedsleden hokker werkeazen binne.

Bekend makke wurdt dat Tytsy Willemsma ferkenner cq ynformateur frege is.

Der wurdt yn it koart in lytse CV fan Tytsy Willemsma ferteld: 50 jier, ofstudearre op it Windesheim kolleezje, wurke by CJIB, Reclassering, wethalder Dongeradiel west, dernei hast 8 as ôffeardige/lobbyist fan de Noardlike provinsjes yn Brussel by de Europese Unie, 8 jier bestjoer Tryater, werfan hast 5 jier foarsitter, no wethalder Tytsjerkstradiel.

Tytsy hat in soad bestjoerlike ûnderfining, kommunitatyf hiel sterk en we tinke de jûste persoan foar dizze klus. Se hat, nei dat we har belle ha dat se oan it wurk koe, oanjûn om der in soad nocht oan te hawwen om mei de fraksjes yn de Fryske Marren de ynformaasjerunde yn te gean. Se stiet der mei in frisse blik en iepen yn.

Wat is de opdracht: Alles iepen litte, sjoch net allinich nei it oantal riedssitten, of as der wûn is of ferlern yn de ferkiezings, mar foaral ek hokker gefoel bepaalde fraksjes byelkoar ha.

Hoe sjocht it proses der út:

De ynformatrice giet mei alle fraksjes om tafel, de griffy sil yn oerlis mei Tytsy, jim in listje mei data en tiid stjoere, aginda mar iepen halde de kommende wiken.

Dan krije jim in soarte fan wurklist mei punten dy't de ynformateur mei jim beprate wol. Dat kinne jim earst yn jim eigen fraksje beprate. Dat sille net allinich de programpunten en wêze, mar ek wat fine jim fan it wurkjen mei 11 fraksjes aansens yn de ried, moatte we de fergaderstruktuer der by oanpasse, wat is jim gefoel by hokker kolleezje, wat is jim gefoel by de oare fraksjes, wat sjogge jim as útdaging, hokker punten moatte perfoarst op LTA/riedsagenda komme. En hokker kolleezje, fan welke partijen dan ek, hawwe jim it goeie gefoel en kinne neffens jim in bestjoerlik stoarmke trochkomme en gunne elkoar wat.

De ynformateur en de griffy nimme kontakt mei elkoar op en dan wurde de data en tiden trochjûn oan de fraksjes.

It moaiste is dat de kommunikaasje fia de griffy giet.

Bylage 2

Besprekpunten ynformateur mei yndividuele fraksjes

Dit formulier wurdt ynfold troch de riedsfraksje fan

Graach fierderop it fan tapassing wêzende antwurd omsirkelje.

Begripen:

- Koalysjepartij is in partij dy't ien of mear wethâlders leverje sil/wol oan it kolleezje
- Net-koalysjepartij is in partij dy't gjin wethâlders leverje sil/wol oan it kolleezje

By de net-koalysjepartijen kin noch in fierder ûnderskied makke wurde:

- Opposysjepartij is in partij dy't gjin wethâlders leverje sil/wol oan it kolleezje en fierders ek folslein de hannen frij hawwe wol en gjin ynbring of bemuoienis hawwe wol by it gearstallen fan in koalysjeakkoart
- Meitinkpartij is in partij dy't gjin wethâlders leverje sil oan it kolleezje mar wol graach meitinke wol sa mooglik ek meiprate wol by it gearstallen fan in koalysjeakkoart

De kiezer hat sprutsen, der leit in ferkiezingsútslach en de sitten binne tadield oan de partijen. Dêr moat no rjocht oan dien wurde.

Fraach 1 – de rol fan in partij

Nei hokker fan de hjirboppe neamde ferskillende rollen gijt jimme foarkar foar de kommende fjouwer jier út?

De foarkarsrol foar de kommende fjouwer jier is foar ús partij

Wat binne jimme wichtichste arguminten foar dizze rol?

.....

Fraach 2 – in koalysjeakkoart

Fine jimme dat de koalsyjepartijen in koalysjeakkoart slute moatte?

- Ja
- Nee

Hokker karakter moat dit mooglike koalysjeakkoart hawwe?

- In akkoart op haadlinen

- In akkoart yn mear detail dat neier útwurke is

Moatte der meitinkpartijen wêze kinne mei oare wurden, moatte partijen dy't gjin wethâlders leverje sille/wolle oan it kolleezje wol de gelegenheid bean wurde om punten yn te bringen foar it koalysjeakkoart of sels der oer meirate kinne?

- Ja
- Nee

Hokker ûnderwerpen soene neffens jimme yn in koalysjeakkoart opnommen wurde moatte (maksimaal ûnderwerpen yn de bylage 1 ynfolje by de fan tapassing wêzende begruttingshaadstikken)

Binne der mooglik ek net oer te kommen brekpunten by de foarming fan in koalysjeakkoart?

- Ja en wol dizze
- Nee

Fraach 3 – it kolleezjeprogram

Fine jimme dat in nij te foarmjen kolleezje it koalysjeakkoart útwurkje moat yn in kolleezjeprogram foar de kommende fjouwer jier (yn de hjerst by de begruttingsbehandeling moat dit der lizze)?

- Ja
- Nee

Fraach 4 – de riedsaginda

Wolle jimme ek tawurkje nei in riedsaginda, in soart spoarboekje fan alle ûnderwerpen dêr't de ried yn de kommende fjouwer jier mei it kolleezje oer prate wol?

- Ja
- Nee

Fraach 5 – grutte kolleezje

It kolleezje fan B&W bestiet njonken de boargemaster út in tal wethâlders. Hokker tal wethâlders hat jimme foarkar?

- 3
- 4

- 5

Komt it tal wethâlders oerien mei it tal FTE's oan wethâlders, oars sein, binne dit foltiids wethâlders of soe der ek de mooglikheid wêze moatte fan dieltiids wethâlders?

- Ja, dieltiids wethâlders is foar ús besprekber
- Nee, gjin dieltiids wethâlders

Binne wethâlders fan bûten de eigen gemeente foar jimme besprekber?

- Ja, wethâlders fan bûten de eigen gemeente is foar ús besprekber
- Nee, gjin wethâlders fan bûten de eigen gemeente

Fraach 6

Sjoen nei de útslach:

Hokker partij soe as earste yn de beneaming komme om yn de koalysje opnommen te wurden?

- De earste koalysjepartij soe wêze moatte:

Om reden

Hokker partij soe as twadde yn de beneaming komme om yn de koalysje opnommen te wurden?

- De twadde koalysjepartij soe wêze moatte

Om reden

Past dizze twadde koalysjepartij neffens jimme programmatysk goed by de earste koalysjepartij?

- Ja, om reden
- Nee, om reden

Hokker partij soe as mooglike tredde yn de beneaming komme om yn de koalysje opnommen te wurden?

- De mooglike tredde koalysjepartij soe wêze moatte

Om reden

- De tredde koalysjepartij is neffens ús net nedich om reden

Past dizze mooglike tredde koalysjepartij neffens jimme programmatysk goed by de earste en de twadde koalysjepartij?

- Ja, om reden
- Nee, om reden

Hokker partij soe as mooglike fjirdde yn de beneaming komme om yn de koalysje opnommen te wurden?

- De mooglike fjirde koalysjepartij soe wêze moatte

Om reden

- De fjirde koalysjepartij is neffens ús net nedich om reden

Past dizze mooglike fjirde koalysjepartij neffens jimme programmatysk goed by de earste , de twadde en de tredde koalysjepartij?

- Ja, om reden
- Nee, om reden

Fraach 7 – mooglike wethâlderskandidaten

Hokker wethâlderskandidaten kin/wol jo partij oan de koalysje leverje?

- Us earste wethâlderskandidaat is
- Us mooglike twadde wethâlderskandidaat is

Fraach 8 – mooglike portefeuilleferdieling

It is noch wat betiid om no al oer in mooglike portefeuilleferdieling te praten.

Der kin bygelyks in yndieling komme neffens begruttingshaadstikken of neffens begruttingsprogramma's.

As jimme yn de beneaming komme om ien of mear wethâlders te leverjen, binne der dan op foarhân programma's dy't jimme perfoarst sels yn hannen hawwe wolle?

- Sa ja, hokker programma's soene dat dan wêze?

.....

.....

- Nee, dat sjogge wy wol yn de formaasjefaze.

Fraach 9 – âld sear

Leit der noch âld sear út de lêste fjouwer jier dêr't it goed fan wêze soe dat dit oan it begjin fan de nije riedsperioade opromme wurdt?

Sa ja, wêr gjit dit om en tusken hokker partijen spilet dit?

.....

Fraach 10 – oare saken

Binne der noch saken dy't jimme mist hawwe by dizze fragenlist?

- Sa ja, hokker saken
- Nee

Fraach 11- boadskip oan de ynformateur

Binne der noch oare boadskippen dy't jimme oan de ynformateur meijaan wolle?

- Sa ja, hokker
- Nee

Slotopmerking ynformateur

Dit formulier kinne jimme ynfold meinimme en ynleverje by it earste petear mei de ynformateur.

Bylage 3 Ferkiezingsútslach

11. Totaal aantal zetels per politieke groepering <i>lijstnaam</i>	<i>lijstnummer</i>	<i>aantal zetels</i>
FNP	2	7
CDA	1	6
WD	3	4
Kleurrijk Fryske Marren (KFM)	10	3
Partij van de Arbeid (PvdA.)	4	3
GROENLINKS	5	2
Burgerpartij De Fryske Marren	9	2
Nieuwe Communistische Partij-NCPN	7	1
D66	6	1
Forum voor Democratie	11	1
ChristenUnie	8	1

Bylage 4 Opsomming brieven fan organisaasjes dy't in oprop dien ha om meitinke te meien

Bericht van

Onderwerp.....

Mail + brief van Stichting Lezen en Schrijven
 Mail + brief van Kunsten '92
 Brief + uitnodiging van Empatec
 Mail + brief van Federatie Instandhouding Monumenten, Erfgoedplatform van Kunsten '92, GA Platform Restauratie, Vereniging Architecten Werkzaam in de Restauratie, Nationaal Centrum Erfgoedopleidingen, Erfgoed Academie
 Mail + brief Friese Milieu Federatie JOGG (gezonde jeugd gezonde toekomst)
 Mail + brief Per Saldo

 Brief van Van Wijnen
 Mail van Topteam Sport

 Mail + brief van Wereld van het vergeten kind

 Brief van Energietransitie Regie lokale energiecoöperatie Dorp centraal
 Brief van Nederlandse lokale publieke omroepen

 Brief van Alzheimer Nederland

 Brief van ElaadNL
 Brief van Kenniscentrum Sport & Bewegen
 Brief van Wandelnet en Fietzersbond
 Rapport It's Public, gemeentefondsmonitor
 Brief van Samenwerkingsverband Plattelandsgemeenten

Laaggeletterdheid
 Cultuur in de college-akkoorden
 Informatie Empatec NV
 Erfgoed in de college-akkoorden

 input collegeakkoord nieuw college B&W
 Gezondheid en preventie
 Adviezen en ideeën voor weer een sterk en stevig pgb in uw gemeente
 Samen de woningnood aanpakken
 Reserveer 3% van de sport- en beweegbegroting voor innovatie
 Jeugdhulp. Het moet anders, een handreiking voor uw coalitie- of raadsakkoord
 Uitvoering energietransitie
 collegeonderhandeling en kennismaking
 Een sterke lokale publieke media-instelling, onmisbaar voor het functioneren van de lokale democratie.
 Aandacht voor de alarmerende situatie van de zorg voor de groeiende groep mensen met dementie en hun mantelzorgers
 Inpassing van Laadinfrastructuur
 Breng beweging in het coalitieakkoord!
 Fiets- en wandelpaden
 Gemeentefondsmonitor De Fryske Marren
 De P10 in een notendop